

Frysk en Standertfrysk: ôffreding, op- en útbou (II)

It stribjen nei in beskate noarm fan it Frysk hat in lange skiednis.

Sytze T. Hiemstra, ûnderwiiskundich meiwurker fan Lyndensteyn te Beetstersweach en lesjower didaktysk foech fan de Afûk, beskriuwt yn twa artikels de skiednis fan it taalnoarmbesef yn Fryslân.

Yn syn beskriuwing makket er in ûnderskied tusken in noarm foar 'it Frysk' en in noarm foar 'it Standertfrysk'.

Yn it earste artikel hat er de oarsprong fan guon opfettings neigongen (by Gysbert Japicx en Johannes Hilarides) (sjoch 'De Pompeblêden', 1997, nû. 5).

Yn it neikommende twadde part jout er omtinken oan de taalsoarch en it noarmstribjen fan guon 19de- en 20ste-ieuske taalpommeranten en har betsjutting foar de ûntwikkeling fan in taalnoarm en taalstandert.

De winsklike rol fan de oerheid by de noarmûntwikkeling komt dêr ek by op it aljemint.

S.T. Hiemstra

De 19de ieu

De ynfloed fan Gysbert Japicx bliuwt yn de earste desennia fan de 19de ieu bestean. Sa jout de klassikus Ecco Epkema (1759-1832), dy't de wurken fan Gysbert Japicx publisearret (1821-1824), in 'korrizjearre' fragmint fan de grutte dichter út. Neffens Epkema hie Gysbert net it âlde Stedfrysk skreaun, mar it spontane Frysk fan it plattelân. En dat hie neffens him net wêze moatten. Epkema wol Gysbert syn taal dan ek ferbetterje troch konsekwint geslachten en namfallen te jaan, lykas yn it skreaune Hollânsk. It jaan fan fêste grammatikale regels foar geslachten en bûgingsfoarmen soe de taal

folsleiner en suverder meitsje, sa ornearret er. Epkema syn opfetting fan 'beskaving' liedt der ta dat er *paed-lieder yn paed-liedster* feroaret, omdat it slacht op in froulik wurd ('reden'). It ûnbeskate lidwurd *in* ferfangt er troch de froulike bûgingsfoarm *yene* lykas yn it skreaune Hollânsk ('ene'); *folgjen* en *forfirddigjen* krije de Hollânske útgong *-en* ynstee fan de Fryske ynfinityfûtgong *-e*. En it weromwurkjend foarnamwurd *him* 'ferbetteret' er sels yn *sich*, wat klearebare Hollânsk is. Syn 'korreksjes' bringe Gysbert Japicx syn Frysk dus tichter by it Hollânsk en de noarm dêrfan.

Neffens Epkema (en gâns oaren) is der in wêzentlik ferskil tusken de sprutsen en de skreaune taal. Epkema komt úteinlik út by in soarte fan Aldfrysk, dat ek wer in protte wei hat fan it Hollânsk (Feitsma, 1989, 259).

Mar de opfettings oer de Fryske noarm kinne ek in oare kant út gean. Wat letter yn de tiid hantearje de jurist Montanus de Haan Hetteema (1814-1873) en de skriuwer en skoalmaster Harmen Sytstra (1817-1862) in 'Fryskere' 'Aldfryske noarm' foar stavering en taal (ferl. bgl. M. de Haan Hetteema, 1830 en H. Sytstra, 1854, 1856, 1862). Se kinne sjoen wurde as útrinders fan in 'elitêre' noarmopfetting, dêr't Gysbert Japicx de earste stiennen foar lein hat.

In romantikus as Joast Halbertsma (1789-1869) ferhearliket dêrfoaroer benammen de sprutsen folkstaal en soe beskôge wurde kinne as in wichtige fertsjintwurdiger fan in mear 'demokratyske' tradysje, dêr't wy by Johannes Hilarides al in earste oanset foar fûn hawwe (sjoch it earste artikel). Benammen yn it earstoan keart Halbertsma him tsjin in reglemintearre deftige noarm yn taal, literatuer en stavering. Dochs wol er, as de kniper op de skine komt, fan de sprektal in skriuwtaal meitsje dy't argayske en ferdwinende echt Fryske foarmen net bûten de noarm keart. Hy wol in skriuwtaal 'opbouwe' dêr't ek 'vervloeiende of reeds vervloeiende woorden opgenomen, en als vluchtelingen bij de uiterste tippen van den mantel nog teruggetrokken' wurde (1929, VII). Net te gauw ôfskriuwe dus, mar brûke.

Taalsoarch en taalnoarm

As der yn de twadde helte fan de 19de ieu hieltiten mear Frysk op papier komt, nimt de soarch foar it soarte fan 'Frysk' dat dan

skreaun wurdt, neigeraden ta. Dy soarch is yn de 20ste ieu allinnich noch mar mear en grutter wurden. De tanimmende taalsoarch fynt, ek hjoed de dei, wer syn fûnemint yn it bewuste noarmstribjen yn de foarige ieu. Men kin jin sels ôffreegje oft it sprutsen Klaaifrysk, dêr't almeast in foarkar foar bestiet, as 'noarm' wol op kin tsjin de skreaune noarm dy't doe ûntwikkele is (Feitsma, 1982, 135). Dat dy taalnoarm fan it Frysk de lêste desennia ek noch net genôch fêstlein is, sil bygelyks de lesjouwers fan de Afûk net



Joast Halbertsma (1789-1869): Frysk romantikus en taalbouwer nei in lito fan D.J. Sluyter. (Foto FLMD)

fernuverje. Dy krije noch alle dagen ôffredingsfragen dêr't se net altiten maklik it antwurd op jaan kinne. Dat hat ek de taalkundige Bo Sjölin merkbiten, doe't er tweintich jier lyn oan de Grinzer universiteit dwaande wie mei in ynterferinsje-ûndersyk fan it sprutsen Frysk. Hy sinjlearret foar it Frysk, yn tsjinstelling ta it Hollânsk, yn Fryslân in noarm dêr't net (goed) mei fêst te stellen is oft der sprake is fan in ôfwiking (1974, 25, 38-39). Hy jout dêr winliken mei oan dat de noarm noch ûnfoldwaande syn wurk dwaan kin as in beaken of paadwizer, of, yn de wurden fan Bartsch, 'as a guide of behaviour in the sense that acts of correction on behalf of it are approved of and wanted' (1987, 232). De noarm fan it Frysk is neffens Sjölin noch altiten sa dizenich 'daß es nicht möglich ist, das Friesische zum Niederländischen hindeutig

abzugrenzen. Man kan also [...] nicht mit Hilfe der Norm unterscheiden zwischen inzidentellen und integrierten Entlehnungen' (1974, 39). Men soe dus winskje dat der klearrichheid komt.

It sosjale karakter fan de taalnoarm

Mei Habermas (1989, 119) geane wy derfan út dat it *hanneljen* dat troch noarmen laat wurdt, útgiet fan de leden fan in *sosjale* groep. Dy oriïntearje har hanneljen oan *mienskiplike* wearden. De fraach is dan wa't yn Fryslân steane foar dy wearden.

As men in noarmkonsept op gesach fan Bartsch as oannommen, goedkard ('adopted') sjocht 'if it has been accepted by a population and exists for them as a practice' (1987, 232), dan freget men jin ek ôf wa't yn Fryslân dy akseptearjende en praktisearjende groep minsken foarmet. Mei dy fraach liket de Jongfryske lieder Douwe Kalma him ek dwaande holden te hawwen. Hy hat it belang fan in beskate 'mennichte', de Fryske beweging, nei foaren brocht. Hy konstataret dat troch dy 'mennichte' sa njonkelytsen in 'midden-tongslach' ûntstien is, in 'Standertfrysk' dat him fierder ûntwikkelet. In tongslach dy't leard wurdt op de Fryske lessen en dêr't fierwei de measte skriuwers har oan besykje te hâlden: 'Dat Standert-Frysk ûntstiet neffens it mienskiplike taelfielen fen de Friezen. It is út-noch-yn net sa dat dêryn de macht fen it meartal oerwint' (1926, 278). Neffens Kalma foarmet benammen de Afûk, dêr't er in hoart foarsitter fan is, yn wêzen it Standertfrysk (1943, 11-12).

Bewegers as taalbouwers

De lju dy't soargje (moatte) foar de ôffreding fan it Frysk en de op- en útbou fan it Standertfrysk moat men dus, as Kalma gelyk hat, benammen sykje yn de mienskip fan 'Fryske bewegers'. Dy binne har ommers it measte bewust fan en warber foar it 'eigene'. De 'eigen taal' en it 'taaleigen' binne dêr grif de sterkste eleminten yn. Dy rykdom mei neffens har net ferlern gean en moat fierder ûntwikkele wurde.

De troch him neamde 'mennichte' sil in taalnoarm foar't neist net falide ('jildich') achtsje as dy op goede grûnen net ferdigene en *rjochtfearde* wurde kin. Mar dan moat men dy, om mei Bartsch te sprekken, op in goed trochtichte wize ('rational') yn ferbân bringe kinne mei in 'higher norm, value, or goal' (1987, 232). Dy hegere noarm of wearde en dat hegere doel leit neffens my yn it besef fan dy 'mennichte' dat as men it Frysk as 'aparte', 'eigen' taal bewarje en fuortsterkje wol, soks freget om

distânsjehâlden foar talen oer dy't in bedriging foarmje foar dat eigen karakter (it Hollânsk foarop dus). De taal is ommers it meast wêzentlike fan in folk. Of om it mei Guido Gezelle te sizzen: 'Die geen taal heeft is geen naam waard, waar geen taal leeft is geen volk.'

Soks freget om suvering (ôffreding) en útbou fan 'folkstaal'. Mar ek om standerdisaasje ta kultuertaal om dy taal goed brûke te kinnen yn maatskiplike domeinen dêr't dy taal earder gjin of amper plak yn hie. Dat lêste is ek fan dy gefolgen dat lang net alle dialektarianten binnen de standert falle kinne (dêr is in standert ommers in 'standert' foar!) en dat der in ferstannige kar út dien wurde moat (ek wol *dialektsleksje* neamd).

De earste Fryske Cito-toets, de Twa-Minute-Toets (technysk lêzen, 1998) foar it learlingfolchsystem, is in moai foarbyld fan sa'n seleksje. It 'Standertfrysk' is as útgongspunt nommen by it fak Frysk. Sûnder sa'n krechte noarm soe hast 'alles' goed rekkene wurde kinne as men toetse



Douwe Kalma (1896-1953): Frysk dichter en Frysk Beweger (Foto: FLMD)

wol. Dêr sil it ûnderwiis, wat it Frysk oanbelanget, noch wat oan wenne moatte. De Fryske beweging wol it Frysk in wichtich plak taskikke yn safolle mooglik ynstitúsjes yn Fryslân: it ûnderwiis, de oerheid en de media foarop. Dat hat konsekwinsjes foar de op- en útbou fan de taal.

Ofbeakenjen

De noarm fan it Frysk dy't oant no ta ûntstien is, neamt Feitsma breder en

fleksibeler as dy fan it Hollânsk (Sjölin, 1974, 39). Hja sjocht fandatoangeande allinnich in ferskil yn gradaasje mei de noarm fan de earste rykstaal, gjin prinsipiële ferskil: it Frysk hat 'in noarm'. It Hollânsk is lykwols mear standerdisearre.

Der bestiet noch gjin 'kommunikative' noarm dy't it feitlike mûnlinge taalgebrûk (de praktyk) wjerspegelet (Sjölin, 1974; Ytsma, 1995), mar it is wol needsaaklik om weromfalle te kinnen op in goed omskreaune noarm mei in abstrakter en mear idealisearre karakter. Undersikers fan taalgebrûk moatte it ek noch hawwe fan in 'retoaryske noarm', sa't Ytsma yn syn dissertaasje dy abstraktere, mear idealisearre noarm neamt. Om de kommunikative praktyk yn ûnderskate domeinen en ynstitúsjes te fundearjen en ta stân te bringen, sil boppeneamd 'heger' stribjen gâns mear stipe hawwe moatte fan de oerheid.

As it stribjen fan de beweging om de twadde rykstaal maatskiplik in lykberjochtige en lykwaardich plak te jaan (in bettere en gruttere) fertaling kriget nei de praktyk, dan sil it ferlet fan dúdlikens oer wat it Standertfrysk dan krekt 'is', respektivelik 'wêze moat', hieltiten grutter wurde. Ik haw my gauris, ek op skrift, (retoarysk) ôffrege oft it net goed wêze soe en antisipearje dêr yn Fryslân wat better en wat earder op troch de skiedslin tusken 'net-Frysk', 'Frysk' en 'Standertfrysk' dúdliker oan te jaan. Ik haw dêr sels earder ek boustiennen foar besocht te leverjen (ferl. bgl. Hiemstra, 1995, 12-14). Liuwe H. Westra (1997, 297) slacht de spiker op 'e kop as er seit dat it spitich is dat 'der yn Fryslân sa'n bytsje dien wurdt oan it ôfbeakenjen fan de grins tusken Frysk en net-Frysk'.

Yn it ramt fan de Kommisje Taalnoarm fan de Afûk (1985-1994) is dat in jiermennich besocht. Mar dat hat, al hoe wichtich ek, sûnt 1985 allinnich liede kinnen ta in noarm foar yntern Afûk-gebrûk en net ta in *ferbreding* nei oare maatskiplike ynstitúsjes en domeinen. De Afûk-taalnoarm is noch fan krêft foar Afûk-learmiddels en Afûk-eksamens en is sûnt 1991 (allinnich) foar skriuwers en oersetters fan lêsböeken dy't by de Afûk útjûn wurde, liberalisearre. Skriuwers en oersetters fan berneböeken en romans kinne sûnt dy tiid (wer) bûten de 'wurdböeknoarm' (fan 1985) stappe en sadwaande, al of net bewust, maklik(er) hollânismen en oare ynterferinsjes yn har wurk opnimme as mei de regeling fan 1985. Dat soks de kwaliteit fan it Frysk yn bygelyks berneböeken tige ûnderstek dwaan kin, lit him net allinnich tinke, mar



S.W. Douma (= D. Kalma) jout yn ûnderskate learboekjes in taalnoarm foar "suver" Frysk en it mijen fan frjemde wurden en moaden. Hjir binne ôfbylde it foarblêd fan "Frysk Taeleigen-boekje" mei de earste side derút (Drachten, Utj. Laverman, 1946).

ek fêststelle. As soks trochset, dan foarmet it in bedriging fan it Frysk as 'aparte' taal. Ik tink net dat wy dêr wiis mei wêze moatte.

Op nei in Steatstandert?

Eltse Fries syn eigen noarm past, neffens Liuwe Westra (1997, 297), fansels prachtich yn 'e ideology fan 'e Fryske frijheid, mar it falt sa net ta om in boek te skriuwen dat troch in grutte groep Friezen bejubele wurde sil. Hy sjocht it wurkjen oan in taalnoarm nammers net as de ferantwurdlikens fan skriuwers of bewegers, mar fan it ministearje fan ûnderwiis.

Fanwegens de boppeneamde winsklike ferbreiding wurdt yn 1994 de Kommisje Taalnoarm fan de Afûk opheft as deputearre Lyklema taseit dat de provinsje neigean sil oft der in provinsjale kommisje komme kin dy't ta doel hat om standerttaalnoarmen te jaan (ferl. *Jierferslach Afûk 1994*, 51; *Beliedsplan Afûk 1991-1995*, 26, 32; *Beliedsplan Afûk 1996-2000*, 12). Hurd liket it noch net te einen mei dat 'neigean'. Mooglik is it ûnderwerp by de nije deputearre wer yn it ferjittersboek rekke of wol dy him leafst net oan taalnoarmfragen baarne. Want dat lêste is, as wy sjogge nei de skiednis fan de staveringsnoarm, fansels net útsletten. Dochs soene se by de provinsje de moed hawwe moatte om op dat mêd in aktive taalpolityk te fieren. Al wie it mar om de lju dy't har dwaande hâlde mei it ûnderwiis (lesjouwers en gearstallers fan



learmiddels), it offisjele ferkear (amtners) en ek skriuwers te geriven. Wat mear kriich en faasje soe net wei wêze!

Dat de geast fan Gysbert Japicx, Joast Halbertsma en Douwe Kalma mar mei gauwens yn harren farre mei...

Bibliografy

Bartsch, R. (1987)
Norm of Language. Theoretical and Practical Aspects. London/New York: Longman.

Beliedsplan Afûk 1991-1995
 Beliedsplan Afûk 1996-2000

Feitsma, A., R. Ferwerda, P. Gerbenzon e.o. (1965)
Johannes Hilarides en syn Naamspooringen van het Platte Friesk, diel I. Grins: Frysk Ynstitút oan de R.U., [Estrikken, nû. XXXVII]. Folsleine titel: *Naamspooringen van het Platte Friesk zijnde De Oude Friessche Lantstaale: In de Oorsprongen opgezocht. In taalgronden verklaard. Om De Krachtige Beteekeninge des zelve, als het Weezentlijkste der Taalen, ujt de Oude gewoonten, Wetten, Plechtigheeden; ujt de Taalwoorden en Spreekwijzen, aan te merken.*

Feitsma, A. (1967)
 'Gysbert Japiks tusken Frysk en Nederlônsk'. Yn: *Us Wurk*, 16, 1-22.

Feitsma, T. [= A.] (1982)
 'Oer bûkbesprekken'. Yn: *Fryx*, jrg. 3, 8-9.

Feitsma, A. (1987)
 'Geschiedenis en karakter van de friese norm'. Yn: J. de Rooij (red.), *Variatie en Norm in de Standaardtaal.* Amsterdam: P.J. Meertens-Instituut, 57-70

Feitsma, A. (1989)
 'The History of the Frisian Linguistic Norm. Yn: I. Fodor & Cl. Hagège, *Language Reform. History and Future.* Vol. IV. Hamburg: Helmut Buske Verlag, s. 247-272.

Feitsma, T. [= A.] (1992)
 'Gysbert Japicx os taalbouwer (lêzing hoden yn Bolsert op 23 augustus 1992 by gelegenheid fon it Monúmint fon de Mwanne Gysbert Japicx)'. Yn: *Tydskrift foar Fryske Taalkunde*, jrg. 7, 29-53.

[De Haan] Hettema, M. (1830)
Beknopte handleiding, om de oude Friesche taal, voor zoo verre zij in handschriften en in druk nog bestaat, gemakkelijke te lezen en te verstaan, hoofdzakelijk voor diegenen welke eenige kennis der tegenwoordige Landfriesche taal hebben. Leeuwarden: G.T.N. Suringar.

Habermas, J. (1989)
 'Het begrip "communicatief handelen"; een toelichting'. Yn: M. Korthals (red.), *De nieuwe onoverzichtelijkheid en andere opstellen.* Meppel/Amsterdam: Boom.

Halbertsma (1829),
Het Geslacht der van Haren's. Fragmenten. Voorbericht. Deventer, s. VI-VIII.

Haugen, E. (1977)
 'Norm and deviation in bilingual communities'. Yn: P.A. Hornby (ed.), *Bilingualism. Psychological, social and educational implications.* New York: Academic Press, 91-102.

Hiemstra, S.T. (1995)
 'Noarm en standert'. Yn: *De Pompeblêden*, jrg. 66, nû. 1 (febr.), 12-14.

Ytsma, J. (1995)
Frisian as first and second language. Sociolinguistic and socio-psychological aspects of the acquisition of Frisian among Frisian and Dutch primary school children. Ljouwert: Fryske Akademy.

Jierferslach Afûk 1994

Kalma, D. (1926)
 'Fen it Fryske mêd. Suver Frysk', XI-XVI. Yn: *Sljucht en Rjucht*, jrg. 30.

Kalma, D. (1943)
Koarte ynlieding ta J.J.Hof's "Fjirtich jier taelstriid". Dokkum, J. Kamminga.

Sytstra, H.S. (1854)
Inleiding tot de Friesche Spraakkunst. Leeuwarden: D. Meindersma, Wz.

Sytstra, H.S. (1856)
Klank- en Schriftleer der Friesche taal of: eerste afdeeling der Friesche spraakkunst. Leeuwarden: D. Meindersma Wz.

Sytstra, H.S. (1862)
Woordenleer der Friesche taal of: tweede afdeeling der Friesche spraakkunst. Leeuwarden: H. Kuipers.

Sjölin, B. (1974)
 'Zur lexikalischen Interferenz im gesprochenen Friesisch'. Yn: *Philologia Frisica anno 1972. Lêzingen en neipetearen fan it 6te Fryske filologiekongres, septimber 1972.* Ljouwert: Fryske Akademy, 24-37.

Westra, L.H. (1997)
 'Min Frysk lêst net'. Yn: *Trotwaer*, nû. 6 (des.).